

Winkelfamke by Adema

It wie yn it jier 1967, doe kaam ik by Romke en Corrie Adema yn de winkel te wurkjen. Hammie Rozendal (ferstoarn yn 2011) wurke der al en fan har ha ik in protte leard.

Wat wie it in moaie tiid. Yn it begjin fan de wike bestellings ophelje by de klanten. De reklamekoer op de fyts en besykje te ferkeapjen. Der wiene klanten by dêr at ik wol wist wat ik opskriuwe moast. Dat begûn sa. Kofje, tee, sûker en sop en at wy dan sneins troch de buorren kuieren, (Roel en ik, doe myn feint), sei ik wolris: dêr sitte se oan de tomatasop en dêr ite se hjoed hannesop. Dat siet doe goed yn it kopke, hear.

Yn de winkel sels hiene wy in goede sfear om te wurkjen en in protte wille. Ja, at jo mei minsken omgean, belibje jo altyd wol wat. Sa as dy klant dy't altyd frege om in pakje 'orelabac', ik seach him oan en tocht: doge jo wol? Hy lake en sei: "O leave, jou my mar in pakje Cabalero", dus wér wat leard.

In blunder ha ik ék wolris makke. Freeds wie de winkel fan 8 oere moarns oant 9 oere jûns iepen. Tusken 12 en 1 oere en tusken 6 en 7 oere noait ticht. (lange dagen, niks gjin Arbo). Dêr kaam doe in klant om kertier oer seizen te winkeljen, dus ik tocht: dêr giet myn iten. Doe sei dy mefrou tsjin my: of sieten jim te iten? Ik antwurde: "In normaal minske sit om dizze tiid te iten, tinkt my".

Se sette de karre oan de kant en fuort wie se. Ik tocht: O Jé! Mei dit forhaal moast ik nei de baas. It is wér goed kaam, mar de baas hat it my goed sein. (De klant is kening, Klaske).

Lilk wie ik ek wolris, wy hiene fan dy tsiiskes te keap mei dat reade papier der omhinne(babytsiiskes). Dy wiene allegearre gelyk. Mar der wie ien frou dy woe dat ik se allegearre woech want se woe de swierste ha. Dêr ha'k wat op fûn want at se der oankaam, soarge ik wol dat der mar in pear op it boerd leine.

En dan dat lytse jonkje, hy kaam mei syn dûbeltsje, dêr mocht hy wat snobbersguod foar keapje. Ik neamde fan alles op, in spekje, in lolly, in blokje skûm, giel en rose wie dat, doe seach hy my oan en sei: "Oe jassus, dy ha ik hjir al in kear stellen, dy wie sa fiis! Ja, ja wurd dan mar ris lilik. Sa wiene der fan alle soarten minsken dêr at ik goede oantinken oan ha.

It wiene moaie jierren yn dy 4=6 winkel yn Easter-Nijtsjerk.

Klaske Weidenaar-Holwerda.